

Tekst 1 Alle dagen op 'en paad en aparte ferhalen oanhearre

- (1) In druk op de knop by de doar en ik mei it gebou yn. Ik sis by de baalje dat ik in ôfspraak ha mei Janko Krist, programmamakker foar HEA!, it
5 nijsgjirrige programma dat alle dagen op Omrop Fryslân te sjen is.
- (2) Janko (24) liedt my in eintsje troch it gebou en wy bedarje by de buroredaksje fan HEA! De meiwurkers
10 helje harren ynformaasje út ferskate lokale blêden, mar krije ek tips fan sjoggers of bekenden. 'Dy minsken betinke de items foar my. Dy witte wat der spilet yn de provinsje en fertelle
15 my wêr't ik hinne moat. Se witte wêr't minsken mei in bysûnder ferhaal te finen binne.' De buro's lizze fol mei kranten en papieren. Tillefoans rinkelje en Janko praat drok fierder oer syn
20 programma. Hy giet foar my út, in trep op. Op dizze ferdjipping, yn it fermidden fan de 'Dankert & Dankert'-ploech, stiet Janko syn buro. Hjir kinne wy efkes prate.
- (3) Ik moat hurd skriuwe om him by te hâlden. Entûsjast docht er ferhaal fan minsken by wa't se al west hawwe om items te draaien. Sa wie der ris in man mei in droege-plantesamling. Dy
30 plantegek hie fan oer de hiele wrâld planten yn in mapke en wist by elts blêd dat er omsloech in hiele skiednis op te leppeljen. 'Dat fyn ik sa aardich, dat minsken sa pasjonearre wêze
35 kinne oer dingen dêr't in oar miskien neat mei kin'. HEA! hat in soad wei fan 'Man Bijt Hond' fan de NCRV. 'Dêr is it ek wol troch ynspirearre. Wy sykje lykas dat programma nijsgjirrige,
40 opfallende en boeiende minsken op dy't allegear harren ferhaal dwaan kinne foar de kamera. Wy portrettearje de aparte dingen fan Fryslân.' Janko set syn kompjûter oan. 'At wy werom komme fan in opname, sette wy dy op de hurde skiif. Sa wurdt it programma digitalisearre. Troch it hiele gebou
45 hinne kinne wy troch yn te loggen de opnames yn alle kompjûters oproppe.'
- 50 Ik krij bylden te sjen fan in besyk dat Janko mei in kameraman brocht hat oan in stel dat hielendal gek wie fan katten en it hiele hûs der ek fol mei hie. It filmke draait en ûnder yn it
55 skerm rint in tiidbalke mei, in 'spotlist' neffens Janko. 'De dingen dy't ik yn it programma ha wol, leuke útspraken en moaie bylden of sa, set ik op papier. De tiidkoade skriuw ik der by op, sadat
60 wy it daliks wer fine kinne.' 'Ik kin net sûnder myn katten,' seit de man op it skerm. 'Dit is dus sa'n útspraak dy't in protte seit, dat skriuw ik dan op.' It ferhaal fan de frou oer de kear dat se
65 sels in poeske 'mond-op-mond' jûn hat, moat ek grif yn de útstjoering. At Janko klear is mei syn notysjes en opmerkings, kin de 'editor' dermei oan de slach.
- (4) Wy sette ôf nei de editorkeamer. Hjir wurdt yn de filmkes knipt en plakt en wurde de byldteksten, lykas
70 nammen fan minsken, en de muzyk derûnder setten. It programma wurdt montearre. 'Ik meitsje faak sels in rûge foarmontaaasje, sadat de editor wit wat myn bedoeling is. Dan steane de
75 sitaten en moaiste bylden der al yn de goede folchoarder op en kin der oan skaafd wurde.' Yn dizze romte steane grutte skermen. It byldmateriaal, fan de kattleafhawwers komt wer foar it
80 ljocht. Under de bylden steane in pear balkjes. Dy balkjes stelle de ferskate 'lûdlagen' foar: de stimmen fan de ynterviewden, oare lûden lykas dat fan de katten en de muzyk.
- (5) Foar't it materiaal by de editor telâne komt, is der al in soad bard. 'Wy
90 geane der meast moarns op út om de items te draaien. Ik krij fan de buroredaksje allinnich in namme, in adres en ynformaasje oer de persoan

95 en sûnder fierdere tarieding gean ik
 der dan op ôf. Meastal drinke wy thús
 in bakje kofje en ha wy it der efkes oer
 hoe't wy it oanpakke sille. Stadichoan
 begjinne wy op te nimmen. Ik begjin
 fragen te stellen en wy meitsje wat
 100 moaie opnames dy't wy miskien as
 'tuskenshots' brûke kinne. Bylden dy't
 de sfear bepale, lykas in hâlding fan in
 persoan of in shot fan de wenning'.
 'Guon lju binne wolris wat te skruten
 105 foar de kamera. Mar troch de aardige
 útspraken derút te fiskjen en mei
 moaie bylden en muzyk te wurkjen, kin
 it item in hiel ein opkreaze wurde.'

(6) Ik freegje Janko: 'Dy muzyk, dêr
 110 sitte dochs ek rjochten op?' 'Dêr
 moatte wy in Buma / Stemra-formulier
 foar ynfolje, dy organisaasje is
 belangebehertiger fan komponisten.
 Sa krijt de komponist in pear sinten
 115 foar it útfieren fan syn muzyk.'
 Einferantwurdlike foar it programma
 bliuwt de buroredaksje. Dy kin Janko's
 wurk dus ek ôfkarre at it moat. 'Mar dat
 is noch net bard.' Geandewei fertelt
 120 Janko noch moaie ferhalen, allegear
 mei ien reade tried: passy. Oer it rôven
 fan hortinsjes yn Wytmarsum, in
 'pimpte' Fiat Panda mei in hiele soad
 kabaal en in yn Terherne stellen
 125 tûnkabouter. 'Dat wie sa'n moai
 ûnderwerp. Dy frou sammele alles fan
 David de Kabouter. Yn har tûn hie se
 in hiel doarp oanlein! Winters kamen
 de tûnkabouters allegear yn it hok, dan
 130 waarden se wer ferve sadat se yn 'e
 maitiid wer pronkje koene. Op de
 fraach at se ek in favoryt hie, beluts
 har gesicht alhiel. De moaiste wie ek
 har alderearste. Dy wie ris stellen en
 135 se wie der suver noch altyd oandien
 fan. Se hie der noch in foto fan. Dus
 frege ik har in oprop te dwaan foar de
 kamera. Bloedserius die se dat ek

140 noch. Soks kinst net tariede, dat bart
 gewoan, prachtich!'

(7) Janko is der by Omrop Fryslân
 tafallich ynrûgele. Hy studearre
 Kommunikaasje op de NHL, rjochting
 AV. Dat hâldt filmkes meitsjen yn.
 145 'Sadwaande kaam ik foar in staaasje by
 Omrop Fryslân telâne. It sei my yn it
 begjin hielendal neat, televyzje. Oant
 ik yn myn staaasje by it
 kultuerprogramma 'Spegels' seach dat
 150 efter de skermen minsken har wurk
 diene mei passy en hert foar de saak.
 Dat spruts my wol oan. Myn earste
 item wie wol spannend. Yn Ljouwert
 moast ik in fraachpetear dwaan mei in
 155 Fryske band. De redaksje hie wol
 oanbean my wat te begelieden, mar ik
 wie eigenwiis en woe dat net. Ik wie
 aardich senuweftich en dyjingen dy't ik
 fragen stelle moast wienen dat ek. De
 160 lampen waarden oanset, de kamera's
 ynsteld en de spanning waard fansels
 hieltyd grutter. It rûn foar gjin meter.
 Geandewei de jûn hiene sawol ik as de
 bandleiden in pear pilskes hân en
 165 waarden wy lossen. Sa ha ik der dochs
 noch in hiel moai stik fan meitsje kind!
 Neidat Janko noch in skoft as 'runner'
 foar Dankert & Dankert wurke hat, hy
 moast akteurs, catering en apparatuer
 170 ophelje en fuortbringe, waard hy frege
 HEA! te dwaan. Yn it begjin wie der
 noch wol wat stjoering, mar hy is no
 'los' litten. 'It betrouwen is der wol sa
 stadichoan en it giet ek altyd goed.'
 175 Fan 't simmer hat de jonge
 omropmeiwurker ek 'Friesland Vaart'
 dien. 'In soarte fan HEA! op it wetter.
 Ik stap op in boat en praat in tiid mei
 de farders en dan hoopje ik dat him in
 180 apart en leuk item ûntwikkelet.' Janko
 bliuwt grif noch in hiel skoft oan it wurk
 by Omrop Fryslân. 'Ik fyn dit prachtich.
 Ik kin alle dagen op 'en paad en aparte
 ferhalen oanhearre.'

*Johannes Keekstra
 út: Styl, Hjerst 2006*

Tekst 2 Jetske Bilker (1960) oer har oersetting fan Harry Potter yn it Frysk

- (1) Jetske Bilker hat it earste Harry Potterboek fan J.K. Rowling oerset yn it Frysk. De orizjinele Ingelske titel *Harry Potter and the Philosopher's Stone* wurdt yn it Frysk *Harry Potter en de Stien fan 'e Wizen*. It boek is ferskynd by Bornmeer. Jetske Bilker hat de oersetting makke op fersyk fan de útjouwer.
- 5
- (2) Foar wa't it boek noch net ken, folget hjir de koarte ynhâld: der binne gewoane minsken lykas wy en der binne tsjoenders en heksen. Wy binne de gewoane minsken, de saneamde Migels. Harry Potter komt der achter dat hy by de tsjoenders heart. Hy giet dêrom nei de tsjoendersskoalle en belibbet dêr spannende aventoeren.
- 10
- (3) Jetske Bilker: "Harry Potter ha ik mei nocht oerset. Komst ris yn oanrekking mei talen dy't hiele oare mooglikheden ha as dyn eigen. It is net dreger as oare oersettings, mar ik moast der wol rekken mei hâlde datst yn it Ingelsk folle koarter om 'e hoeke kinst as yn it Nederlânsk en it Frysk. Boppedat hat it Ingelsk en ek it Nederlânsk in gruttere wurdskat. Soms moast foar ien Ingelsk wurd in hiele bysin brûke. Dan wurde de sinnen dus langer. En de sinnen binne al behoarlik lang yn it Ingelsk. It is de keunst om dy der dochs yn te hâlden, want dat heart by de styl, mar it moat ek flot rinne."
- 20
- 30
- 35 (4) "Fernimst ek dat yn dizze tiid in hiel soad geve Fryske wurden en foaral útdrukkings yn ûnbrûk reitsje. Hearst hieltyd minder echt Frysk taaleigen om dy hinne. Dus dan is it gjin wûnder dat de bern en de jongerein dat taaleigen net iens mear kenne of werkenne. Dêr moastst tuskenyn sitten gean: tusken moai sfearfol Frysk taaleigen en taal dy't net te fier fan de bern ôfstiet."
- 40
- 45 (5) "Eins is fantasyliteratuer net iens myn favorite sjenre. Dingen dy't yn it echt net kinne, ha my noch noait oansprutsen. As bern fûn ik neat oan mearkes. Ik begûn se pas te wurdearjen doe't ik se foarlies oan myn soan. Der steane wize lessen yn en se gean oer hoe't de minsken binne. Harry Potter lêse ik no ek fierder, tegearre mei myn soan."
- 50
- 55 (6) "Ik hoopje dat foaral bern it Fryske boek lêze sille. Ik hoopje dat se gewaarwurde dat Harry Potter yn it Frysk itselde is, mar tagelyk ek oars, sis mar eigener. Op de Dreuzelpagina fan de Nederlânske Harry Pottersite wienen der fuort al in soad reaksjes op dizze oersetting. It is apart om te sjen hoe fûl oft de reaksjes binne. Ek guon Fryske bern fûnen it bespotlik, oaren wienen optein. Mar ast foar eagen hâldst dat Harry Potter ek yn it Welsk, it Latyn en it Aldgryksk ferskynd is, begryp ik net dat se har troch myn Fryske oersetting sa oanfallen fiele."
- 60
- 65

Hedwig Terpstra

út: No Bern, Frysk Tematydskrift, nûmer 21, augustus 2007

Tekst 3 Bestseller Harry Potter yn it Frysk

(1) It makket neat út wêr't men op de wrâld is, mar as de namme Harry Potter falt, dan wit elk om wa't it giet. De haadfiguer yn de sân dielen fan de Ingelske J.K. Rowling is in ferhaalfiguer dy't blykber sawol jeugd as folwoeksenen oansprekt. De oant no ta útbrochte films oer him lûke ek in mingd publyk. De gekte by it ferskinen fan de lêste pear dielen sprekt dêrby foar himsels, krekt as it feit, dat der ek al 'klonen' fan him ferskine yn – hoe kin't oars - Sina. Dêr binne al hiel wat mear dielen as de oarspronklike sân. It plagiaat springt der fan alle kanten ôf.

(2) Dat is net it gefal mei de koartby ferskynde Fryske ferzje fan diel ien, *Harry Potter en de Stien fan 'e Wizen*. Oersetster Jetske Bilker ferantwurdet har troch te fermelden dat se net allinne gebrûk makke hat fan it orizjineel, mar ek fan de Nederlânske oersetting. Oer it algemien is dat net gebrûklik yn oersetterslân, mar hjir is dêr dúdlik wat foar te sizzen, temear om't dy oersetting fan Wiebe Buddingh' knap is en in soad wurdearring krigen hat.

(3) Dat de Fryske oersetting ek aardich is, docht bliken út it feit, dat it ferhaal, hoewol behoarlik bekend, dochs wer noflik lêst en op 'e nij boeit. No kin de auteur fan it orizjineel knap skriuwe, dat is al it earste foardiel en de oersetter hat der boppedat in goed lêsbere boek fan makke. Wol is dy oersetting net oer alle boegen slagge. Sa bliuwt men bygelyks hieltyd heakjen by it Nederlânsk-Fryske wurd 'yts' dat konsekwint brûkt wurdt, ynklusyf it mâlbearende 'sayts'. Dan giet jin even de grize oer de grouwe. Nedich hie dat ek net west, foaral as men sjocht hoe't op oare plakken

45 minder bekende, dregere Fryske wurden brûkt wurde.

(4) It gedicht fan de Sortearhoed is yn de Nederlânske oersetting gâns better slagge as yn de Fryske. Yn dy lêste is dúdlik wraksele om in goed ekwivalint te krijen en allinne al it feit dat men dêr as lêzer weet fan hat, sprekt net foar de kwaliteit. In letterlik út it Nederlânsk oersetten sin as 'wat harren de glimk fan harren snút ôffeie sil' is net echt fraai, krekt likemin as 'frûnsjend' foar 'fronsend'.

(5) Likegoed binne der ek moaie fynsten en dat komt fral by de nammen moai út. Sa binne de Dreuzels, de minsken bûten de magyske wrâld, hjir Migels neamd, al is dat ien kear misgien op side 166, dêr't it noch oer Dreuzels giet. De freeslike famylje fan Harry, yn it Nederlânsk de Duffelings, hyt yn it Frysk Mûzema. Ek de oersetting fan 'nietsnut' nei 'omstipper' heart moai.

(6) Foar it wûndere taalmingtsel fan de reus Hagrid, Harry syn grutte freon, hat Bilker keazen foar in mingtsel fan Stedsfrysk en Stellingwerfsk, al is dat net altyd like konsekwint. Sa brûkt se foar 'ek' faak it Ljouwerter 'oek', mar soms komt yn de folgjende sin ynienen 'ok' út oare stedsdialekten nei foaren. Ien dialekt hie eins ek wol foldwaande west. De Nederlânske oersetting stiet wat dat oanbelanget folle tichter by de standerttaal, mei hjir en dêr in pear ôfwikings.

(7) Likegoed is it in hiele aardichheid om Harry Potter ek yn de eigen taal lêze te kinnen. No mar hoopje dat de oplage gau útferkocht is, sadat de útjouwer it oandoart en jou ek de oare dielen út.

Jant van der Weg

út: Friesch Dagblad, 15 septimber 2007

Tekst 4 Beand Baas en Smarige Skep meitsje Frysk “fet”

(1) It moat net mâlder wurde. Earst wie der yn de jierren njoggentich al de blanke rapper Eminem, dy't it monopoalje fan swarte hiphop trochbruts. Dêrnei kaam 'knuffelmarokkaan' Ali B, dy't mei in swier aksint yn it Nederlânsk de iene nei de oare hit byelkoar rapte. En no is dit jier sels al Frysktalige rap sinjaleard yn de top fan de Nederlânske hitlisten?! It is wier en komt foar rekken fan it duo Beand Baas en Smarige Skep, dat mei harren hitsingle 'Wachtsje op foarútgong' grutte yndruk makke oant yn Limburch en Seelân ta. In petear mei de rappers út Drachten, dy't hurd op wei binne om nasjonale stjerren te wurden.

(2) Beand Baas en Smarige Skep trede op yn De Lawei, as ûnderdiel fan de foarronde fan de Kunstbende. It is in thúswedstryd foar de mannen en in pear hûndert jonges en famkes reageare entûsjast op it optreden. It duo is populêr, want nei ôfrin folget in echte fotosessy mei fans en moatte tsientallen hantekenings útdield wurde. Yn Ljouwert hiene Beand Baas en Smarige Skep in pear wike earder optreden foar in folle bak en waarden se nei ôfrin ek al oerfallen troch in grutte groep fans, op jacht nei in hantekening.

(3) Beand Baas en Smarige Skep binne de artystenammen fan respektivelik Berend Visser (20) en Klaas Jansma (18). Visser en Jansma ha it hielendal makke mei harren Frysktalige hit 'Wachtsje op foarútgong', dy't begjin 2006 op nûmer 1 einige fan de meast oanfrege nûmers fan muzykkanaal The Box. It nûmer is skreaun as protestsong tsjin it

gemeentebestjoer fan Smellingerlân, dat neffens in soad minsken te lang wachtet mei in beslút oer saken as it Drachtsterfeartprojekt. "Us ferske is ûntstien út in gearwurkingsferbân fan De Lawei, poppodium Iduna en muzykskoalle De Meldij," fertelt Visser. "Al tsien jier stride dy ynstituten derfoar om alles ûnder ien dak te krijen, mar der sit mar gjin skot yn de saak. Sadwaande besleaten dy ynstituten om in dokumintêre oan te bieden oan it gemeentebestjoer. In dokumintêre oer it feit dat it sa lang duorre, mei dêryn ek in fideoklip dêr't de Drachtster jongerein syn miening yn jaan koe." Beand Baas en Smarige Skep waarden belle om de muzyk te fersoargjen. Se hiene al wat bekendheid yn Drachten mei harren raps, dy't opfallend genôch allegear yn it Frysk binne. Visser: "Ik bin begûn te rappen yn de groep V.I.A. yn it Ingelsk en it Nederlânsk. Op in stuit stapte myn maat Hiddo Wijma derút, kaam Klaas deryn en begûnen wy út 'e gek ek raps yn it Frysk te meitsjen. Ien fan dy ferskes namen wy ris mei nei in feest en dat wie in grut súkses. Sûnt dy tiid rappe wy yn it Frysk."

(4) De fideoklip út de dokumintêre betsjutte in grutte stimulâns foar de karriêre fan Beand Baas en Smarige Skep. De muzyk wie opnaam en bewurke yn in profesjonele studio en de klip wie ek fan sa'n heechsteande kwaliteit, dat Visser besleat de fideo op te stjoeren nei The Box. Oardel wike letter waarden Visser en Jansma sms't troch ferskate freonen dat harren fideo te sjen wie op de stjoerder en noch in wike letter stie it nûmer op 1. In pear moanne letter binne de mannen yn ûnderhanneling mei in ynternasjonale platemaatskippij en stiet it al fêst dat

90 der skylk in komplette cd komt! “Dêr
binne wy op dit stuit oer yn petear mei
de platemaatskippij,” fertelt Visser.
“Wy wolle wol graach fêsthâlde oan ús
eigen styl en gewoan trochgean mei
95 rappen yn it Frysk. De fertsjintwurdiger
fan de platemaatskippij tinkt dat ús
muzyk wol oanslaan sil. Hy fergeliket it
mei de ferskes fan Rowwen Hêze. Dy
minskjen sjonge yn it Limburchsk en ha
100 dêr ek ferskate hits mei skoard. Mei it
Frysk is it ek sa, de taal leit tichteby it
Nederlânsk en dat makket nijsgjirrich.”

(5) Doe't we nei ôfrin fan it petear
ûnderweis wiene nei de útgong fan De
105 Lawei, kriget in famke har yn 'e foyer
yn 'e gaten. “Jullie zijn hartstikke
goed,” ropt se entûsjast en sy begjint
spontaan mei licht aksint ‘Wachtsje op
foarútgong’ te sjongen. Neffens Visser
110 wurdt der net in soad Frysk praat op
de skoalpleinen yn Drachten. Mar
‘Wachtsje op foarútgong’ is dúdlik in
opstekker foar de posysje fan dy taal.
Frysk is ynienen hartstikke ‘fet’ ûnder
115 de stedsjeugd fan Fryslân. Mei tank
oan twa súksesfolle blanke rappers,
from the streets of Drachten.

*Eelke Wiegersma
út: Styl, simmer 2006*